

# PARSEBERJOCHT

5 septimber 2017

## Telefyzjesearje oer it moaiste fan Fryslân

**Omrop Fryslân stjoert de kommende tsien wiken in telefyzjesearje út oer de tsien finalisten fan de ferkiezing 'It moaiste fan Fryslân'. Yn dy ferkiezing kieze ynwenners fan Fryslân it aldermoaiste dat ús provinsje te bieden hat op it mêd fan romtlike kwaliteit. Yn de oanrin nei de bekendmakking fan de definitive útslach portrettearret Omrop Fryslân alle tongersdeis ien fan de tsien finalisten.**

De searje begjint tongersdei 7 septimber mei in ôflevering oer de eilanner húskes fan Skiermûntseach. Letter yn de searje komme ek oare finalisten oan bod, lykas it Karmelitessenkleaster yn Drachten, de Gaasterlânske kliffenkunst, de Wetterpoarte fan Snits en it Eyse Eisingaplanetarium yn Frensjer. Yn alle ôfleveringen wurdt omtinken jûn oan sawol de arsjitektoanyske kwaliteiten as de skiednis fan it gebou en hoe't it no krekt brûkt wurdt.

It moaiste fan Fryslân is in inisjatyf fan it Fries Media Centrum yn gearwurking mei Omrop Fryslân, Leeuwarder Courant en it Friesch Dagblad. Mei in sjuery fan saakkundigen ûnder lieding fan âld-deputearre Jannewietske de Vries hat it Fryske publyk it ôfrûne healjier hast 350 objekten nominearre foar de ferkiezing. Ut dy list is in top 100 gearstald fan it moaiste dat Fryslân te bieden hat. Nei 30.000 stimmen yn de earste ronde, binne de objekten mei de measte stimmen yn de finale kaam. Op tongersdei 16 novimber wurdt yn Fryslân Hjoed de winner fan de ferkiezing bekendmakke.

It idee foar It moaiste fan Fryslân is ôfkomstich fan de Fryske arsjitekten Jacob Borren en Bauke Tuinstra. Mei de ferkiezing wolle sy de Friezen mobilisearje om in Fryske skatkeamer fan moaie gebouwen en lânskippen te selektearjen foar toeristen en gasten dy't yn 2018 nei Fryslân komme. Foar 2018 wurde rûten ûntwikkele mei objekten út de top 100. "Tot nu toe is de verkiezing een groot succes", aldus Jacob Borren. "We hopen dat veel gasten in 2018 gebruik zullen maken van de etalage die de Friezen voor ze hebben gecreëerd van het mooiste in onze provincie."

It moaiste fan Fryslân is fan tongersdei 7 septimber ôf alle tongersdeis te sjen by Omrop Fryslân om 18.45 oere.

---

### Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

# PERSBERICHT

5 september 2017

## Televisieserie over het mooiste van Fryslân

**Omrop Fryslân zendt de komende tien weken een televisieserie uit over de tien finalisten van de verkiezing ‘It moaiste fan Fryslân’. In deze verkiezing kiezen inwoners van Fryslân het allermooiste dat onze provincie te bieden heeft op het gebied van ruimtelijke kwaliteit. In de aanloop naar de bekendmaking van de definitieve uitslag portretteert Omrop Fryslân iedere donderdag een van de tien finalisten.**

De serie begint donderdag 7 september met een aflevering over de eilander huisjes van Schiermonnikoog. Later in de serie komen ook andere finalisten aan bod, zoals het Karmelietessenklooster in Drachten, de Gaasterlander kliffenkust, de Waterpoort van Sneek en het Eyse Eisingaplanetarium in Franeker. In elke aflevering wordt aandacht gegeven aan zowel de architectonische kwaliteiten als de geschiedenis van het gebouw en hoe het nou precies wordt gebruikt.

Het moaiste fan Fryslân is een initiatief van het Fries Media Centrum in samenwerking met Omrop Fryslân, Leeuwarder Courant en het Friesch Dagblad. Met een jury van deskundigen onder leiding van oud-gedeputeerde Jannewietske de Vries heeft het Friese publiek het afgelopen halfjaar bijna 350 objecten genomineerd voor de verkiezing. Uit deze lijst is een top 100 samengesteld van het mooiste dat Fryslân te bieden heeft. Na 30.000 stemmen in de eerste ronde, zijn de objecten met de meeste stemmen in de finale gekomen. Op donderdag 16 november wordt in Fryslân Hjoed de winnaar van de verkiezing bekendgemaakt.

Het idee voor It moaiste fan Fryslân is afkomstig van de Friese architecten Jacob Borren en Bauke Tuinstra. Met de verkiezing willen zij de Friezen mobiliseren om een Friese schatkamer fan mooie gebouwen en landschappen te selecteren voor toeristen en gasten die in 2018 naar Fryslân komen. Voor 2018 worden routes ontwikkeld met objecten uit de top 100. “Tot nu toe is de verkiezing een groot succes”, aldus Jacob Borren. “We hopen dat veel gasten in 2018 gebruik zullen maken van de etalage die de Friezen voor ze hebben gecreëerd van het mooiste in onze provincie.”

It moaiste fan Fryslân is vanaf donderdag 7 september iedere donderdag te zien bij Omrop Fryslân om 18.45 uur.

---

### **Noot voor de redactie:**

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Kommunikaasje van Omrop Fryslân: 058 299 7876.